

Dualisme yn de lokale polityk: in kâns foar Dantumadiel

As riedslid fernim ik dat der nei jierren lang om let feroaring komt yn it dualisme tusken it gemeentebestjoer en de gemeenteried. Dit is in positive ûntwikkeling, net allinnich foar de polityk sels, mar ek foar de doarpen en harren ynwenners.

Yn de seis jier dat ik no sitting ha yn de ried, wie der faak net folle romte tusken it kolleezje en de hiele ried. De opiny- en beslútfarming ferrûn meastal sûnder krityske noat út eigen rigen. Dit makke it foar de ynwenners dreech om te begripen wat der krekt spile yn de gemeente.

Gelokkich liket dêr no feroaring yn te kommen. De partijen binne harren mear bewust fan elkoars rol en ferantwurdlikheden. Der is mear iepenheid en romte foar konstruktive dialooch. Dêrtroch kinne wy better harkje nei it ferlet en de soargen fan ús ynwenners en dy meinimme yn ús belied. Wy kinne mei-inoar wurkje oan oplossingen dy't echt oanslute by wat der libbet yn de doarpen.

Dit dualisme hoecht net perfoarst negatyf te wêzen. Wannear't it op in sûne wize ynfolle wurdt, kin it sels liede ta bettere beslissingen en in sterkere lokale



demokrasy. Troch oprjochte gearwurking en respekt fan wjerskanten kinne wy de kleau tusken bestjoer en befolking oerbêgje.

Ik hoopje dan ek dat dizze positive trend him fierder trochset yn Dantumadiel, sadat wy gearwurkje kinne oan in bloeiende en leefbere gemeente. Mei mear transparânsje, belutsenens en dialooch kinne wy de kleau tusken polityk en maatskippij fierder tichtsje en sa de lokale demokrasy fersterkje.

Wa: Ferry van der Ploeg, 43 jier, troud mei Tiny van der Lijn en grutske heit fan twa jonges.

Wenplak: De Westereen

Wurk: Selsstannich ûndernimmer

Wat minsken net fan my witte: Dat ik by de Keninklike Marine sitten ha.